

Antwurden Tiidwurden A 24 septimber 2016

A Ien punt foar elke goede tiidwurdsfoarm. Mei-inoar 14 punten.

1. Meist(o)
2. is – sis
3. ha(wwe)
4. keapet
5. kin
6. yt
7. laket
8. sille
9. jout/jouwe
10. praat
11. giet
12. moatst
13. wurd

B Ien punt foar elke goede tiidwurdsfoarm. Mei-inoar 14 punten.

1. woe
2. begûn
3. liet
4. die – koe(d)
5. Hiest(o)
6. gie/gong/gyng
7. hong/hinge
8. Hearde
9. himmele
10. smiet
11. sprongen
12. swetste
13. leaudest

C Ien punt foar elke goede tiidwurdsfoarm. Mei-inoar 14 punten.

1. bakt
2. útsjoen
3. gien/gongen
4. ferlern
5. holpen
6. jûn
7. makke
8. troffen
9. treaun
10. knope
11. sammele
12. sean
13. ûnderbûn
14. stroffele

D Ien punt foar elke goede tiidwurdsfoarm. Mei-inoar 6 punten.

1. doarst/doarde
2. bin
3. woene(n)
4. wachtest
5. sjogge
6. soargje

E Ien punt foar elke goede tiidwurdsfoarm. Mei-inoar 12 punten.

1. sjongen heard
2. wenjen bliuwe moatte
3. fytse wolle sil
4. witte kinnen/kind
5. dien wurdt

F Op elk sintsjje kinne twa punten helle wurde. Mei-inoar 10 punten. It giet hjir om tiidwurdsflaters. Skriuw- en oersetflaters wurde net rekkene. Stiet de persoansfoarm yn 'e ferkearde tiid, dan wurdt dat ferkeard rekkene.

1. Wy komme om him te helpen.
2. Ik fyn dat ik hjir net stean bliuwe moat.
3. Hoe let tochten jo dat it ôfrûn/dien wêze soe?
4. Wy sille dat ris ûndersykje.
5. Wolst(o) har hjir sitte litte?

It ferkeard oanbringen of ferjitten fan breed- en skerptekens jildt as in hiele flater. Letters trochinoar skreaun, wêrby't it net dúdlik is hokker oft it wêze moat: ferkeard rekkenje. As ien foarm frege wurdt en der wurde twa (of mear) foarms jûn en ien dêrfan is ferkeard (ek al stiet dy tusken heakjes), dan wurdt dat ek ferkeard rekkene.

Mei-inoar kinne op dit ûnderdiel 70 punten helle wurde. By dit ûnderdiel wurdt útgien fan in noarm fan 70% goed (= 49 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.